



Op 'e Skille

Ferskynt hûs oan hûs yn 'e Greidhoeke

De wille fan
hjoed moat moarn
gjin galle wêze

Hardlopen in het zand van woestijn

'Ik ha it drok en ik doch mei oan de maraton yn de Sahara om even op adem te kommen'

pagina 3 >



Geen nacht zonder pieper of alarm

Ook tijdens familiefeestjes gaat het mobieltje. 'Dat betsjut dat ik der even tuskenút glip'

pagina 5 >



Nieuwe records op het groene laken

Negentig biljarters maken in twee weken gezamenlijk 21.331 caramboles

pagina 15 >

Sierlik winterwaar soarget foar iiswille



Dielnimmers fan de Baarderadieltocht ûnderweis tusken Bears en Weidum. Oan de tocht oer 65 kilometer diene 1200 minsken mei. Mar der wiene net allinne toertochten, op de iisbanen waarden wedstriden holden. Yn Britswert kamen de bêste bern fan de basisskoallen yn aksje. Op de iibaan yn Wommels lieten 'ijspeedwaycoureurs' sjen wat se koene en yn Easterlittens wie ringstekken op it iis. En ek foar de fakkeltochten tusken Boksum en Hilaard en Winsum en Easterlittens wie gâns belangstelling. Mear foto's binne te finen op www.skille.nl

Efkes oer út Amerika om te riden



Op de foto rydt Lycklama (links) mei syn maat Douwe Bruinsma.

Tsjerk Lycklama út Broken Bow yn de Amerikaanske steat Oklahoma hearde dat it iis der yn Fryslân sa prachtich by lei en dat der alle gearre tochten organisearre waarden. De 65-jierrige Lycklama wie daliks út 'e ried. Hy socht syn redens by-inoar en stapte op it fleanútich. Krekt op tiid om de Baarderadieltocht te riden. Hy die dat mei syn eardere maat Douwe Bruinsma út Itens. Bruinsma en Lycklama kinne elkoar fan Lollum. Se draafden wol tegearre. Tritich jier lyn emigrearre Lycklama nei Amerika, dêr't er boer waard. „Tritich jier lyn ha ik foar it lêst op redens stien”, sa fertelde er. Mar it gong him noch bêst ôf. Doe't it wer taai waar waard, fleach Lycklama wer nei Amerika.

skilder nedich
www.skilder.nl
schilder nodig



Zaterdag 21-04-2012 in Reahûs
www.lytsedoarpenrintocht.nl

www.skille.nl

In drok wykje foar rayonhaad Rodenhuis



Evert Rodenhuis mjit by de Dille de dikte fan het iis.

Easterwierrum - „Wy waarden libbe.” In drok wykje wie it foar Evert Rodenhuis út Easterlittens, Rayonhaad fan it distrikt de Swette bij de Vereniging De Friesche Elf Steden. Alle dagen wie er op it iis te finen om de dikte te mjitten. Op sneintejûn 5 febrewaris waard er opropen om nei St. Nyk te kommen. „Ik hie dêr noch gjin rekken mei holden. We moasten it stil hâlde, mar it stie letter al gau op twitter.” De twadde gearkomste fan de rayonhaden wie op woansdeitejûn. „Ik gong dêr al hinne mei in gefoel

dat der noch hiel wat barre moast.” Nei in kertierke fergaderjen wie it bestjoer fan de Alvestêdetocht der al út: it koe net. „Om my hie it op de Swette hast wol kinnen, op inkele plakken wie it dêr al 14 oant 16 sintimeter.” It net troch gean fan de Tocht wie foar him net in teloarstelling. Der is alles oan dien om de tocht mooglik te meitsjen. It applaus oan 'e ein fan de fergadering fan rayonhaden wie dan ek wol bysûnder. „Ik ha yn de Alvestêdewike in protte leard.” De foto is makke op it iis by de Dille yn Easterwierrum.